

## 2 Timoteüs

1.1 Paulus, apostel fan Kristus Jezus omdat God it woe, omdat dy libben tasein hat, it nije libben yn Kristus Jezus,

2 oan Timoteüs, myn leave jonge. Genede, barmhertigens en frede fan God ús Heit en fan Kristus Jezus, ús Hear.

c

3 Tankber bin ik God, dy't ik tsjinje krekt as myn foarâlden, en dat bin ik mei in suver gewisse, sa't ik ek allegeduerigen mei dy dwaande bin yn myn gebedens, want by nacht en by dei

4 langje ik dernei om dy wer te sjen, dyn triennen steane my noch foar eagen. Ik bid dat dy winsk ferfolle wurdt,

5 no't my dyn earlik en oprjocht leauwe wer yn 't sin brocht is. Dat wie al húsriem by dyn beppe Loïs en dyn mem Eunike, en ik bin der-fan oertsjûge, no ek by dy.

c

6 Mei dy gedachte yn 'e holle bring ik dy yn 't sin datst de jefte fan God brânende hâlde moatst, dy'tst by dy draachst troch it oplizzen fan myn hannen.

7 Want God hat ús net in geast fan bangens jûn, mar fan krêft, fan leafde en fan opskerpjen.

8 Skamje dy dus net foar it boadskip fan ús Hear, skamje dy net foar my, dy't om him finzen sit, mar nim dyn part yn it lijen foar it evangeelje, troch de krêft dy'tst krige hast fan God.

9 dy't ús rêden hat,  
en ús roppen ta in libben dat oan him tawijd is,  
net om ús goede dieden,  
mar om't hy dat sa wollen hat en om syn genede,  
dy't ús jûn wurden is yn Kristus Jezus  
al fier foar alle tiden

10 en dy't no sichtber wurden is  
troch it ferskinen fan Kristus Jezus, ús Rêder,  
dy't de dea útskeakele hat en it libben,  
ja it ûnfergonklik libben oan it ljocht brocht hat  
troch it evangeelje.

11 Foar dat evangeelje bin ik, ja ik, boadskipper, apostel en learaar makke.

12 Dêrfoar libje ik ek yn dizze aaklikheid, mar skamje ik my net. Want ik ken him dy't myn betrouwen is en ik bin wis dat hy by steat is om myn part oan dy dei ta te bewarjen.

c

13 Do moatst as rjochtlâne foar heilsome wurden fêsthâlde oan watst fan my heard hast, en dêr moatte trou en leafde by, sa't dy by Kristus Jezus te finen binne.

14 Pas goed op it skoandere dat dy tabetroud is, troch de hillige Geast dy't yn ús wennet.

15 Want do witst ommers wol dat elkenien yn Asia my de rêch takeard hat, Fugelos en Hermogenes ek.

16 En mei de Hear him ûntfermje oer it hûs fan Onesiforos, want dy hat my ferskate kearen moed ynspurtsen en skammet him net foar myn finzenskip.

17 Nee, doe't er yn Rome kaam, hat er wakker om my socht en my ek fûn.

18 Mei de Hear him jaan dat er godlike ûntferming fynt op dy dei. En wat er net allegearre út 'e wei set hat yn Efeze, dat witsto better.

c

2.1 Do dan, myn jonge, moatst krêft helje út 'e genede fan Kristus Jezus.

2 En watsto fan my heard hast, lis dat del, mei gâns tsjûgen, by fertroude lju, guon dy't gaadlik binne om skielk wer oan oaren oanwizings te jaan.

3 Nim dyn part yn it lijen lykas in treflik soldaat fan Kristus Jezus.

4 Net ien dy't yn it leger is, lit him behelje yn dingen fan it gewoane libben, want hy wol dat deselde dy't him ûnder tsjinst nommen hat, tefreden oer him wêze kin.

5 As ien oan sport docht ek, dy kriget de krânse net as er him net oan 'e regels hâldt fan 'e sport.

6 De boer dy't it swiere wurk docht, dy heart as earste fan 'e opbringst te krijen.

7 Wat ik sis, moatst goed begripe. De Hear sil dy ommers ynsjoch yn alles jaan.

c

8 Moatst Jezus Kristus net ferjitte, earst in deade, no wer weromroppen, út it laach fan David, krekt sa't ik it dy fernijd haw.

9 Wat my oars net as lijen opsmyt, ja ik sit as in misdiediger yn 'e boeiens – mar it wurd fan God giet frijút! –,

10 dêr wol ik alles wol om ferneare, foar de minsken dy't God útkeazen hat, dat dy ek rêden wurde, rêden troch Kristus Jezus, mei ivige gloarje.

11 Hjir kinst op oan:

Want as wy mei stjerre, dan sille wy ek mei libje,

12 as wy folhâlde, dan sille wy ek mei hearskje,  
as wy net fan him witte wolle, sil hy ek net fan ús witte wolle,

13 as wy wif binne, hy hâldt syn wurd,  
want himsels ferleagenje kin er net.

c

14 Dy dingen moatst de lju hieltyd wer yn 't sin bringe en der foar God oer op oanstean dat se net oer sinleaze wurden tsiere om oaren mar ûnder de kwint te krijen.

15 Doch der alles oan om God sjen te litten datsto it him nei 't sin dochst, in arbeider dy't him net hoecht te skamjen, ien dy't rjocht en sljocht it wiere wurd bringt.

16 Mar dat plat en sinleas praat moatst dy fier fan hâlde, want sokken oppenearje har allinnich mar mear en goddeleazer

17 en harren praat wreidet as in kankerswolm, sokken as Hymenaios en Philetos,

18 guon dy't op it mêd fan 'e wierheid it paad kwyt binne. Se sizze dat de ferrizenis al efter ús leit en ferniele it leauwe fan guon minsken.

19 Lykwols, it fêste fûnemint fan God leit der en dêr stiet op te lêzen: De Heare is bekend wurden mei dy't sines binne, en: Elk dy't de namme fan de Hear ken, moat him fan ûnrjocht ôfkeare.

20 Yn in grut húshâlden is no ien kear net allinnich rêding fan goud en sulver, mar ek fan hout en fan ierdewurk, en it iene is foar feestlike gelegenheden, it oare foar it smoarge wurk.

21 Dus as ien him no fan sokke dingen suvere hat, dy wurdt in stik rêding foar it feest, hillich, syn hear goed fan pas, ree foar elke goede saak.

c

22 En de oanstriid fan 'e jeugd moatst dy fier fan hâlde, mar earlikens, trou, leafde, frede moatst efteroan, mei de minsken dy't mei in suver hert de Hear oanroppe.

23 Sleau en ûnberoaid bargebiten moatst dy fier fan hâlde, want do witst dat dêr strideraasjes efter wei komme.

24 In feint fan de Hear moat net stride, nee, hy moat freonlik wêze tsjin elk, in learaar en ferdraachsum,

25 ien dy't yn sêftens de tsjinstanners better leart. Faaks makket God dan dat se oars wolle en de wierheid kennen leare

26 en komme se ta besleur dat se út 'e strûp fan 'e duvel wei moatte, dêr't se libben yn fongen sitte om syn wil te dwaan.

c

3.1 Mar dit moatsto goed foar 't ferstân hawwe: yn 'e lêste dagen komme der drege tiden.

2 Want sa wurde de minsken: foar harsels en foar har jild, sweeslaanderich en eigenwiis, mei smeulsk praat en sûnder har oan har âldelju te steuren, ûntankber en alhiel losslein,

3 sûnder gefoel en spikerhurd, reachskûtels dy't harsels net yn 'e macht hawwe, sûnder beskaving of each foar it goede,

4 ûnbetrouber en ûnbeskamme en bolbjirken, efter it geniet en net efter God oan.

5 Se hâlde wakker de skyn op fan in oprjocht libben, mar de boarne fan it libben wolle se neat fan witte. No, sokken moatst by wei bliuwe.

c

6 Sokken binne it nammentlik dy't de huzen yn glûpe en frouljuspersoanen yn 'e besnijing krije. Dy reitsje dan grôtfol misse tinkbylden, litte har liede troch alderhanne begear,

7 wolle altyd wol oanwizings hawwe en sille nea by steat wêze om begryp fan 'e wierheid te krijen.

8 Krekt sa't Jannes en Jambres tsjin Moazes yn it ferhef kamen, sa fersette dizze manlju har tsjin 'e wierheid. It binne lju mei in sike geast, op it mêd fan it leauwe kinst der neat mei.

9 Mar se sille net folle bedije, want har ûnferstân wurdt wol dúdlik foar elk, lykas dat ek by dy oare beiden bard is.

c

10 Mar do, do bist trou bleaun oan myn ûnderrjocht, myn libbenswize, myn manier fan optreden – myn trou, myn goedens, myn leafde, myn folhâlden –

11 oan myn ferfolgings, oan myn lijen, sa't my oerkommen is yn Antiochië, yn Ikoanië, yn Lústra. Al dy ferfolgings haw ik trochstien en alle kearen hat de Hear my derút rêden.

12 Ja, alle minsken dy't it oprjochte libben yn Kristus Jezus libje wolle, sille ferfolge wurde.

13 Mar ferkearde lju en begûchelders sil it ferkeard mei ôfrinne – se bringe oaren op 'e doele en harsels derby.

c

14 Mar do, do moatst fêsthâlde oan watst heard en dêr'tst it mei weage hast. Do witst wêr'tst it wei hast,

15 en boppedat, do kenst sûnt dyn iere jeugd de hillige Skriften. Dy kinne dy wiisheid jaan, dat minsken rêden wurde troch yn Kristus Jezus te leauwen.

16 Alles wat troch Gods geast opskreaun is, kin ek brûkt wurde om minsken oanwizings te jaan, om dúdlik te meitsjen wêr't se mis binne, om se by te stjoeren, om se fierder te helpen, en dan yn in rjochtfeardich libben.

17 Sa komt de nije minske ta stân, ien dy't ta alles ree is wat mar goed is om te dwaan.

c

4.1 Ik stean der mei klam op oan, foar it antlit fan God en fan Kristus Jezus, dy't ree stiet om rjochtdei te hâlden oer libbene en deade minsken – sa sil er ferskine, sa wurdt syn keningskip!  
–:

2 ferkundigje it wurd, set de hûd derop yn goede en minne tiden, meitsje dúdlik wat oars moat, set de lju te plak, jou goerie, altyd mei geduld en mei ferdrach.

3 Want der komt in tiid, dat de minsken it heilsome ûnderrjocht net mear oannimme wolle, mar neffens eigen foarkar learmasters om har hinne garje dy't har sis mar lij wetter yn 'e earen jitte.

4 En de wierheid sille se de earen foar tichtstopje, mar dy optinksels rinne se efter-oan.

5 Do lykwols moatst de kop derby hâlde, wat der ek bart: ûndergean it lijen, doch it wurk fan ien dy't evangeelje bringt, ferrjochtsje dyn tsjinstwurk folslein.

c

6 Want wat my oanbelanget, ik wurd al as in offerjefte fuortbrocht en de oere fan myn hinnegean is net fier mear.

7 Ik haw de skoandere striid útstriden, ik haw de baan útdraafd, ik haw it leauwe net ferlern.

8 As lêste leit foar my de krânse fan 'e rjochtfeardichheid klear, dy't de Hear my jaan sil op dy dei, de earlike rjochter – net allinnich foar my, mar ek foar allegearre dy't syn ferskinen yn it hert meidrage.

c

9 Doch dyn bêst om mei gauwens by my te kommen.

10 Want Demas is by my wei gien om't er dizze wrâld leaf krige hat en nei Tessaloniki ta reizge is. Crescens is nei Galje, Titus nei Dalmaasje.

11 Lukas is allinnich noch by my. Marcus moatst meinimme, want ik kin him skoan as tsjinner brûke.

12 Tychicus haw ik nei Efeze ta stjoerd.

13 Ast komst, moatst de reismantel meinimme dy't ik yn Troas by Carpus bliuwe litten haw, en de boeken, foaral dy fan perkamint.

14 Aleksander, de koperslagger, hat my in soad lijen jûn; de Hear sil him neffens syn dwaan weromjaan.

15 Do moatst ek foar him oppasse, want hy hat him danich tsjin ús ferhaal ferset.

c

16 By myn earste ferdigening wie der net ien by my, se hawwe my allegearre sitte litten. Ik hoopje dat it har net tarekkene wurdt.

17 Mar de Hear hat my holpen en krêft jûn. Sa wurdt de ferkundiging troch my ta in goede ein brocht en krije alle folken dy te hearren, en bin ik sels rêden út 'e bek fan 'e liuw.

18 De Hear sil my rêde fan alle ferkearde dingen en sil my bewarje foar syn himelsk keningskip. Him komt de ear ta yn alle ivichheid. Amen.

c

19 Groetsje Prisca en Aquila en it hûs fan Onesiforus.

20 Erastus is yn Korinte bleaun, Trofimos haw ik yn Milete bliuwe litten omdat er net goed wie.

21 Doch dyn bêst om foar de winter te kommen. Euboulus groetet dy en Pudens en Linus en Claudia en alle oare bruorren en susters.

22 Lit de Hear by dy wêze. Mei de genede mei jimme wêze!